

Dy't altiten spoeken
sjocht, hat lêst en lijen
om 'e noct

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

**Bêste do**

Arjen en Greta Terluin út Hilaard hoopje mei Tineke op nominaasje foar Olympiade

Pagina 3>

**Pro-dealer**

Greidanus Winsum pronkt met de mooiste zitmaaier van Husqvarna in showroom

Pagina 7>

**Bedrijfenterrein**

Autohandelaar Van der Wal ziet wel brood in de verkoop van luxe bedrijfsunits

Pagina 7>

Frijwilligers rûnom yn aksje tidens NL Doet



Foto: Henk Bootsma.

Op de dei fan NL Doet is der troch de vrijwilligers wer hiel wat wûrk ferset. Rûnom kamen minsken yn aksje. Yn Kûbaard wie de jierlijkse karweikedei en waard it doarp wer opkreaze. Yn Spannum waard it Spannummer Bosk ûnder hannen naam (foto links). Dêr wiene de sneons sa'n tritich vrijwilligers oan it wûrk. It bosk is no wer goed begeanber. De bern fan De Tarissing hiene fûgelhûskes makke, dy't dêr ophongen binne. Ek yn it swimbad De Klomp yn Wommels strûpten vrijwilligers de mouwen op. Oer in wike as wat giet it swimbad wer iepen.

Streekderby SDS-Nijland is dit kear oars as oars foar trainer Posthuma

Freonskiplik, mar wol op it skerpst fan de snede

Nijlân – Kommende sneon 24 maart is yn Easterein de streekderby SDS-Nijland. Altiten in spesiale wedstriid. Nijland-trainer Douwe Posthuma reisget dit kear wol mei in hiel bysûnder gevoel ôf nei Easterein.

Troch Hinne Bokma

Fanôf de sydline sil de trainer fan Nijlân syn stjonkende bést dwaan om mei de oerwinning yn de bûse op hûs oan te gean. Mar mei in skean each sil er ek nei de ferjochtings fan de SDS-spilers sjen. Takom sezoen is Posthuma nammentlik de haadtrainer fan SDS. „It is wol apart dat je tsjin je nije klub spylje.”

Nijland en SDS. Twa doarpsklups, dy't útkomme yn de tredde klasse A fan it sneonsfuotbal. Nijland is ferline jier út de twadde klasse degradearre en spilet no yn de tredde klasse yn de boppste regioen. De klub stiet fyfde, mar hat trije wedstriden minder spile as koprinner Oudehaske. De efterstân is fiif punten. De kampioenstitel is dus seker noch moochlik. „Ik soe it prachtich fine as wy kampioen



Foto: Henk Bootsma.

Douwe Posthuma: 'SDS-Nijland is wedstriid dêr't je nei útsjogge.'

waarden.”, seit trainer Posthuma. Yn dat gefal hoecht er takom jier mei syn nije klub SDS net foar de streekderby ôf te reisgjen nei Nijlân. SDS is in moaie middenmotor. „It is in talintfol team.” Op 10 maart wûn SDS thús mei 8-0 fan Willems-oord. De trainer fan Nijland kin al in protte fan de jonges fan SDS. Of hy is se tsjin kaam op it fuotbalfjild of se hawwe by him yn de klasse

sitten op Bogerman yn Wommels, dêr't er as learaar Ingels oan ferbûn is. „It is moai om de jonges no op it fjild oan it wûrk te sjen.”

Gesellich

Foar in echte streekderby hat de wedstriid SDS-Nijland wol in freonskiplik karakter. Fansels wurdt der op it skerpst fan de snede spile, giet it der hurd om ta. Mar nei ôfrin is

it geselich en bliue de spilers fan beide ploegen justjes langer yn de kantine dan by oare wedstriden. En misken bedarje se letter op de jûn noch wol yn de Wommelse Jimbar. „It is in wedstriid dêr't je nei útsjogge.” Posthuma giet der fanút dat Nijland yn Easterein mei 1-0 fan SDS winne sil.

Yn de ôfrûne njoggen jier kaam Nijland fjouwer kear yn Easterein op besite. De lêste kear wie op 4 oktober 2014. It waard doe 0-2 foar de besikers út Nijlân. Yn it seizoen 2013-2014 einige de streekderby yn Easterein yn 1-1. Yn 2009-2010 kamen de twa klubs inoar tsjin yn de twadde klasse. Ek doe in lykspul: 0-0. In jier eerder wûn SDS de thûswedstriid tsjin Nijland mei 2-1.

Nijland-foarsitter Jappie de Boer ferwachtet dizze kear in einûtslach fan 1-3. Hy giet út fan in moaie wedstriid, mei in protte rivaliteit. „It binne twa klubs, dy't kwa mentaliteit wol by elkoar passe”, seit De Boer. By de jeugd is der in gearwurkingsferbân. It team JO15 bestiet sawol út spilers fan SDS as fan Nijland. De Boer slút net út dat de gearwurking de kommende jieren fersterke wurdt.

'Opheffingsnorm scholen mag nog wel verder omlaag'

Jorwert – Blij dat de gemeente voor scholen in het buitengebied een andere opheffingsnorm hanteert dan voor scholen in de stad, maar eigenlijk zou de leerlingengrens in de dorpen nog wel iets naar beneden mogen worden bijgesteld. Bijvoorbeeld naar 33 leerlingen, zoals in de voormalige gemeente Littenseradiel het geval was.

Dat betoogde voorzitter Guus van de Sande van Dorpsbelang Jorwert vorige week als inspreker bij de behandeling van het scholenplan in de gemeenteraad van Leeuwarden.

Van de Sande sprak namens de tien dorpen die in Nij Baarderadiel samenwerken.

Het college van B en W stelt voor om voor scholen in de stad de opheffingsnorm op 150 leerlingen vast te stellen en voor de dorpscholen op 41 leerlingen. Bij een norm van 41 wordt het er voor de dorpscholen niet gemakkelijker op om te overleven. In ieder geval komen de openbare basisschool De Stjelp in Baard en de christelijke basisschool De Earnewijk in Esterlittens in problemen.

„Opheffing van de enige dorpschool is ingrijpend en niet om, zoals eerder door een van de ambtenaren werd opgemerkt, sentimentele redenen. De dorpschool vormt een belangrijke factor in de leefbaarheid van ons dorpen. Het is een ontmoetingsplaats van ouders en een bron van activiteiten van leerlingen en ouders”, aldus Van de Sande. „De aanwezigheid van een school is bovendien een voorwaarde om jonge mensen die een gezin willen stichten, te interesseren voor het wonen in een dorp.”

**Timmer- & Aannemersbedrijf
van Ruiten**
OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Tel: 0515 - 413372

ALLICHT

Verlichting • Lichtadvies
Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl

Oud kerkhof 6 - 8601 EE - Sneek

Lytsse Doarpen Rintocht
25 / 40 km

Zaterdag 21-04-2018 in Boksum

www.lytsedoarpenrintocht.nl